

1. In stille herne, wêr de brutsen weagen/ Sêft sljuerkje oer it sljochte strân. (SF 23)
2. Hoe protte de klaver de pôle út (SF 28)
3. ik tink oan dy wei troch it blommige lân (SF 30)
4. 't fee stiet op 'e stâl en leech/ Is 't weake lân. By bûthúsdoar leit heech it gers (SF 31)
5. 't Is djirheintiid. Troch it bûthús rattelt lûd it kret./ In sturtou giselt en mei amers slacht de faam (SF 31)
6. En sûnder print fan died net út it wurk te gean (SF 31)
7. Dan kreakje op it hiem wer de weinen (SF 33)
8. De wjerskyn bliuwt, hoe djip de tiid fersinkt (SF 43)
9. Mar 't wylde fûgelt' lit wat mear/ As wat op waarme matte fleach (SF 44)
10. Fan leechste sinnen komt de djipste fieling (SF 47)
11. O, al it minskelibben is myn sin./ Ik nim it yn my op mei trouwe eagen/ En haw it leaf al wêr't ik bin (SF 48)
12. Hjir stoar hy, earme swalker yn 'e wrâld (SF 52)
13. Foldie 't yn har tsjerke net;/ Hja ferlieten har heite hillich hûs/ Foar in skuorke yn 'e greiden set (SF 62)
14. It is wol simmer. Flearehagen/ Mei pronk fan wite rûkers stean (SF 63)
15. En troch it lytse finster dûnset/ Yn 't stof in lichte sinnestriel (SF 63)
16. Trêdet oerlangsum it woltierich fee (SF 65)
17. Fier haw ik myn dreamen weide/ En de himmel iepen sjoen (SF 87)
18. – O, as oer de bleke finne/ Ier de lange skaden rinne/ En dyn ljochten blinke sa! (SF 94)
19. Wat stoar giet net ferlern! It wêzen bliuwt/ En libbet bûten tiid (SF 123)
20. 't Wellet op út djippe saden./ Wûnd're krêften driuwe sa (SF 124)
21. Ik seach de tiden gean./ En fielde my, fêst oan 'e grûn./ As ieuwen oer hjir stean (SF 127)
22. Heech rydt de sinne yn syn keningswein (SF 129)
23. Dêr haw ik in tûch te dreamen stien (SF 133)
24. Dêr heech oer it gea te stean en sjen de lânen oer./ Hoe komt in machtich fielen by ús op! (SF 161)
25. Hja binn' net bûn/ Oan foarmen fan ien dei (SF 161)
26. Har weiden moedsum lutsen by de hichte op./ Komme op ús ta (SF 162)
27. O dit giet bûten tiid! Wy binne diel/ Fan selde wrâld, hoe koe der oars/ Sok fielen troch ús gean?/ Ien siele, ien begryp omfiemt it al (SF 162)
28. 't Koe wêze dat hja spriek wat better wie ferswijd (SF 181)
29. En al wat hjir troch bloei en stjerren gong (SF 182)
30. En ta it witten fan 'e siele kaam/ Wat ea it weevjen fan de raaien droech (SF 187)
31. En út de blanke fierten komme/ De fliten dy't syn rûzjen lûkt (SF 204)
32. Dy't net lokkich wêze wol sit no yn ' tsjernherne/ En lústert nei it klappen fan de fjurhoksdoarren (SF 206)
33. Ik bin net weinomd yn 'e opgong en de bloei-aard fan myn wêzen hat him wol iepen dien (SF 232)
34. Ik haw har heind en opbrocht nei de sede -/ Dochs oan de kliber net de frije gong ferlern (SF 245)
35. Ik sis net: heger as de piramidebou./ En duorjender as koper sis ik net (SF 254)
36. De sinne hâldt syn ljochte himmelgong/ En minskene hert syn wûnderlik begear. (SF 254)
37. En siele hat – o dream yn simmerlân -/ Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn. (SF 254)
38. Stranger as do sels hâld 'k each op frjemde knapen. (SF 255)
39. 'k Wol sizze : 'k bin fan 't folts in bern./ Gjûn lid, dat ek betankje kin (SF 269)

40. En smert om lytsens kurf syn marken yn (SF 278)
41. 't Wurdt alles wer yn my betocht/ En boppe ierdske delgong brocht (SF 281)
42. En yn 'e lege skuorre it touterjend reach (SF 283)
43. Of riist dêr noch, yn wramen sûnder ein,/ De libb'ne siele eat fan duorjend ljocht (SF 293)
44. As 'k, krêft-ûntbûn, oer 't lêste weifek gean (SF 298)
45. En mear as oantins is de libb'ne die (SF 312)
46. Keallen steane by de daam te paizjen (SF 315)
47. Sa fêst te hâlden yn ien byld wat wie,/ En mei te bouwen oan in macht'ge stêd,/ Wêr 't wente hat wat ierdske stalte hie (SF 354)
48. Sa koe út flues fan deisk besinnen/ De siele spinne gouden reaf (SF 366)
49. Dat kwea en ûnluk fan 'e siele falt/ En ierd' en himmel gean yn 't hillich bûn (SF 113)
50. Oant fersinke himmel en ierde./ Dan mei' de Uneindige riede (SF 247)